



Twee goden overleggen of Oeds in de onderwereld moet blijven of toch vrijgelaten mag worden. Foto's: Siep van Lingen



De feestcommissie, bestaande uit de goden, bespreekt de nieuwe fontein voor de Mienskip en de terugkomst van Oeds in Fierwei.

Iepenloftspul

De reis nei binnen ta duorret it langst

De buordoarpen Idaerd, Reduzum, Eagum en Friens bondelje de krêften foar in nagelnij iepenloftspul: *Oeds fan Fierwei*. It is in humoristysk, tagelyk djipsinnich stik oer in âld ferhaal dat noch altyd aktueel is.

Gerbrich van der Meer

Rekt by de ûntbleating fan de moaiste fontein, komt er thús. Oeds fan Fierwei. Nee, der is neat feroere, betinkt de soldaat as er it doarp binnenstapt. No ja, de minsken binne wat âlder.

Mar dan moat alles noch begjinne, fertelt Peter Sijbenga, de skriuwer fan it iepenloftspul *Oeds fan Fierwei* en ûnferwachts ek haadrolspiler. „Frou en bern steane geduldich op him te wachtsjen by it stek fan tsjerke, mar hy wol mar net dy drompel oer.“ De reden? „De tsjerke stiet foar thús, foar syn âlde libben. Oeds kriget it lykwols net foar elkoar om de âlde tried wer op te pakken. Der is tefolle bard. It is gaos yn 'e holle. Hy sil dêr earst trochhinne moatte foardat er nije rêst fynt.“

tsien jier kin er syn Penelope yn 'e earms slute.

„Oeds komt ek nei tsien jier thús“, fertelt Sijbenga, „mar mei dat er thús komt, binne de bylden net fuort. De sykloop, de heks Kyrkje, de ûnderwâld, se komme hieltyd wer werom lykas de nachtmerjes fan minsken dy't te folle meimakke hawwe.“

It docht tinken oan it ferhaal fan soldaten dy't mei in posttraumatysk stressyndroom thús komme. „De diskrepânsje tusken de libbensbedrigjende sitewaasjes yn oorlochsgebieten en it folslein ûntbrekken dêrfan yn in gewoane mienskip is yn 'e praktyk dreech te oerbriegen.“ It slagget net om te aardzjen, se kinne har ferhaal net kwyt, fiele har net begrepen, kinne de tizeboel yn 'e holle net oan, en hawwe harsels yn it minste gefal dêrtroch net mear yn 'e hân.

Ofskietskado
Doe't it doarpsbelang fan Reduzum by Peter Sijbenga kaam mei de

De famyljerellen dy't we op ierde hawwe, komst likegoed by de god Zeus op de berch Olympus tsjin

fraach oft er in tekst oer Odysseus skriuwe woe, sei er daliks fan ja. De musikus 'en teaterman wie krekt ferhuze nei Peins. Dit stik soe in moai ofskietskado wêze oan dit doarp dêr't er tritich jier wenne hie. En mei it ferhaal fan Odysseus, in idee fan Reduster Jappie de Vries, koe er ek wol út 'e fuotten: „Hoe dramatysk it ferhaal ek is foar Odysseus, it ferhaal spilet him ôf yn 'e kontekst fan 'e Grykske goaden.“

En oan dy mytyske opperwêzens sit wol byt. „Sjoch yn 'e kristlike tradysje is de God in heit dy't it bêste mei syn bern foar hat, mar by de Grieken kin it der mâl om wei gean. Dan hawwe de goaden wer lêst fan jaloery, dan sette se in oarenien de foet dwers. Sa fergrypt Zeus him yn it stal fan in bolle oan 'e Phoenixyske prinsesse Europa.“

De Grykske goaden steane foar alle deugden en ûndeugden fan 'e minsken, leit Sijbenga út. „De famyljerellen dy't we op ierde hawwe, komst likegoed by de god Zeus op de berch Olympus tsjin. Mar dêr sit ek krekt de humor fan dy goaden.“ Peter Sijbenga syn eagen begjinne te glinsterjen. Wa't it berneiepenloftspul fan Easterwierrum wat folget, wit dat dizze tûzenpoat mei syn humor jong

en âld publyk op it puntse fan syn stoel sitte lit.

Wrede realiteit

Yn Idaerd sitte fiif goaden dizze repeysjeûn op in treppestellazje it hear oer te sjen fan Fierwei, it plak dat net allinnich Reduzum, mar ek de doarpskes Friens en Idaerd befettet. Se binne optein, want op dizze dei wurdt de moaiste fontein útkeazen yn it ramt fan Kultureel Haadstoep 2018. In hichtepunt, wat net sa goed kombinearret mei de thúskomst fan Oeds, sa ornearret Zeus.

„Ek dat is in realistysk byld“, fertelt Sijbenga. „Ik fiel noch altyd begrutsjen mei in freon fan ús heit. Dy hie yn Indië tsjinne. Nei syn tachtichste kamen alle bylden fan dy polisjonele aksjes wer werom. Hy libbe der alle nachten mei.“ En dan is de wrede realiteit dat de mienskip - „ja, deselde dy't dit jier sa ophimmele wurdt mei Kulturele Haadstoep 2018“, gewoan oer sokke minsken hinne walst. „Der is hast ek gjin alternatyf. De normale dingen moatte ommeers trochgean. Wat dat oanbelanget sitte der grinzjen oan in mienskip. Net eltse-nien is te heinen. Der falle altyd minsken tuskentroch.“

Bussen

Yn it iepenloftspul folget it publyk Oeds as er it thús net mear bankje kin. Se folge him net allinnich letterlik, mar sels efkes figuerlik. „It publyk giet Oeds efternei mei spesjale bussen. Sa wurde de minsken bygelyks nei in stik lân brocht dêr't Oeds op 'e nij belibbet hoe't er mei help fan heks Kyrkje tagong kriget ta de ûnderwâld. Dy foettocht, it publyk moat him der dus wol efkes goed op klaaie, wurdt yn stilte dien, rinnend efter elkoar, mei de tekst fan Dag Hammerskjöld yn 'e earen: de langste reis is de reis nei binnen.“



De Cirenen sluiten Oeds in met hun gezang. Cover: Oeds komt in de onderwereld bij Kyrkje en haar varkens.

Want dat is de reis dy't Oeds meitsje moat om fierder te kinnen.“

In filosofysk stik soene jo sizze kinne, de drege kant it neist? Nee, skodholje Sijbenga en regisseur Janneke de Haan. „It publyk hat benammen in glim om 'e mûle. En wist dat wy brûk meitsje fan in potpoery oan Nederlânske hits mei nije Fryske teksten derop? De minsken kinne dus samar meisjonge.“

De spilers dy't yn dizze repeysje mei har absurdistyske kostûms de klaaikeramer út komme toerje al in glim om 'e mûle. De goaden sjogge

der prachtich út yn har omtsjoende judopakken mei hege kragen en rûge blauwe streken der op. Geartsje van der Zee, sênoograaf fan it iepenloftspul hat yn grutte halen de einferantwurldlike oer kostûms en dekor. Der is in spesjale naai- en dekorploech dy't op oanwizings fan dizze âld-Mantgumer naait en bout en dêrby de romte kriget om ek sels dingen te betinken lykas de tuktuk mei syn ljochtblauwe doarren dy't hielendal omboud is ta in muzykinstallaasje. Dy hat safolle akkufermogen dat de spilers yn it lân ek genôch ferster-

king hawwe om te praten en te sjongen. „En dan hawwe we noch in koar. In muzykploech, in bestjoer, en ek de toanielploech, in pear profi's en 26 spilers“, glimket Leo Smit, bestjoerslid fan it iepenloftspul. It giet dat it slyd-jaget. As it koar op de muzyk fan de Gryk Theodorakis, mei begjint te dunsjen is de regisseur om. „Dat hâlde we der yn!“

Oeds fan Fierwei spilet fan 27 juny oant 13 july, sjoch ek www.theatregroepfier.nl